

It Fryske tydskrift foar bern fan de boppebou

Tsjil

Us aventoer



DE RÔF FAN
DE FRYSKE
MUMMYS



SWIETE
KASTANJE

Lêsbingo

Kameleondoarp

Berneboekewike

TSJILSTE
SKOALREISKE

Hannah hâldt fan horror

1

Jiergong 29
septimber - oktober 2025

Ynhâld

- 3 Kom fierder**
Skoaljier fol aventoer
- 4 Gedicht**
Filla gigantica
- 5 Sjoch my**
Hannah van der Veen
- 6 No sa**
Aventoer yn it Kameleondoarp
- 8 Net te leauwen**
Bisten op aventoer
- 9 Der op út**
Swiete kastanje
- 10 Koart ferhaal**
Mummys
- 12 Tsjlil nijs**
Tsjlil Tsjekt
- 14 Tsjek dit**
Aardige weetsjes
- 16 LinKke side**
It WEC
- 17 Lêsbingo**
Dochsto mei?
- 18 Sydstrjitsje**
Labadistendyk
- 19 Puzelside**
Puzels en mopkes
- 20 Strip**
Bauke, Nynke en Bram



TAALPLAN
FRYSK 2030

Tsjil is in tydskrift foar learlingen fan de boppebou fan 'e basisskoalle.

Haadredaksje:
Tjitske van Akker, Cedin
Einredaksje:
Tsjomme Dijkstra
Opmaak:
Dandez (Daniël Gerritsen)
Foto foarkant:
Tjitske van Akker

Redaksje-adres:
Cedin
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten
088 0200 300
tsjil@cedin.nl
ISSN: 1389-348X

Cedin

Tsjil is fergees oan te freegjen fia www.taalplan.frl/oanmelde. It tydskrift wurdt fiif kear yn it jier as klassepakket útjûn. De digitale ferzy en de byhearrende lesbrief by elk nûmer is te finen op www.cedinonderwijs.nl/tsjil

De redaksje fan Tsjil hat besocht om fêst te stellen wêr't byldmateriaal weikomt om de fereaske tastimming foar publikaasje te krijen. Elk dy't lykwols tinkt rjochten te hawwen, kin kontakt opnimme mei tsjil@cedin.nl.

Wy ynvestearje mei Taalplan Frysk yn de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op alle skoallen en alle ûnderwiisnivo's. Taalplan Frysk 2030 is in gearwurking fan Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk, NHL Stenden, Omrop Fryslân, Semko, SFBO en de provinsje Fryslân. www.taalplan.frl

Frysk, foar no en letter

Skoaljier fol aventoer

In nij skoaljier is altyd in nij aventoer. Sa is it ek mei Tsjil. As it noch mar maitiid is, wurdt der al neitocht oer de ûnderwerpen foar it folgjende skoaljier. Der is oerlis mei skriuwers, dichters, tekeners en foarmjouwers mar ek mei de makkers fan Tsjil Tsjekt en soms mei de biblioteek of mei musea. Yn de moannen foar de simmerfakânsje moat de earste Tsjil fan it skoaljier makke wurde, sadat wy sels ek eefkes mei fakânsje kinne.

Foar it kommand skoaljier binne wer moaie ûnderwerpen betocht, sadat it lêzen fan in Frysktalich tydskrift net allinnich 'leuk' is mar it ek nijsgjirrich en learsum is. Yn dizze Tsjil giet it oer de berneboekewike en it tema 'op aventoer'. Twa boeken dy't dêr hiel goed bypasse binne De rôf fan de Fryske mummys en fansels de boeken fan De Kameleon. Ek is der dit jier in nije rubyk yn Tsjil; alle kearen fertelle wy dy wat oer de skiednis fan in strjitnamme. Hasto dy eins wolris ôffrege wêr't jim strjitnamme of skoalnamme weikomt?

In soad wille mei dizze Tsjil en in soad lêswille yn de Berneboekewike!

Groetnis,

Tjitske



Tema's Tsjil groep (6,) 7 en 8

- 1. Septimber / oktober 2025**
Us aventoer – Berneboekewike
- 2. Novimber / desimber 2025**
Us smaak – sûker en sâlt
- 3. Jannewaris / febrewaris 2026**
Us omjouwing – kultuer op strjitte
- 4. Maart / april 2026**
Us keningshûs – op 'e troan
- 5. Maaie / juny 2026**
Us koar – dêr sit muzyk yn

Foar groep 4-5-6:

- 1. Ein febrewaris 2026**
Wenje / omjouwing
- 2. Ein maaie 2026**
Ite & drinke / Op 'e camping



Filla Gigantica

Wy bin' ferhuze.

Fan 't âlde hûs hien' wy ús nocht.

Hoe't it nije hûs der útsjen soe
dat ha wy sels betocht.

Heit efter de kompjûter,

mei potlead en papier...

hy tekene en tekene...

hy hie it swit yn 't hier.

Wolsto in grutte keamer?

Fansels sei ik fan 'Ja!'

'En... wêr wol' jim it bubbelbad
en... wêr in sauna ha?'

In keamer fan wol fiif by fiif
foar heit. Wier, net te min..!

Dan ien fan twa by twa
dêr't mem wat strike kin.

It hûs hat in garaazje...
dêr kin' tsien auto's yn!

En ûnder yn 'e kelder
wol tûzen flessen wyn!



Moat ik troch de keuken rinne
bin ik tiden ûnderweis...

Fanút de kuolkast nei it gas
bedoarn is 't al, dat fleis!

Dan it swimbad yn ús tún
dat is wol trije meter djip!

En wy ha in grutte sêre!
Echt, wy binne su-per-hip!

Efter hûs dêr is in sleat.

Der gean wy hiel faak sitten.

Want... by al dy grutte keamers
is heit it lytste keammerke ferjitten...

Hannah hâldt fan horror

Hannah (11 jier) hat yn de simmerfakânsje mei har heit oer it sirkwy fan de Nûrburgring yn Dútslân skeurd, wie te boatsje farren, gie sa no en dan in dei mei har mem op paad en is gek op har herdershûn Leia. Genôch aventoer soest sizze! Dochs lêst Hannah ek hiel graach ferhalen dy't oaren belibbe ha. Se is gek op spannende boeken.



Wa is Hannah?

Hannah wennet yn Drachten en sit op OBS De Swetten. 'Ik haw twa sussen, in hûn, twa katten en twa kavia's', fertelt Hannah. 'Dit jier sit ik yn groep 8 by juf Dione.' Hannah fynt it moai op skoalle en sjocht al út nei de einmusical en it skoalkamp nei It Amelân.



Foarlêswedstriid

'Yn groep sân haw ik meidien oan de foarlêswedstriid op skoalle. We hiene twa foarrondes, ien foar groep sân en ien foar groep acht. Dêrnei moasten de bêste foarlêzers fan de skoalle tsjininoar, dat haw ik wûn! Ik mocht troch nei de gemeentlike wedstriid fan Smellingerlân. Ek dêr wiene wer twa foarrondes. Wa't troch de earste ronde kaam mocht troch nei de twadde ronde. Dêr siet ik ek by en ik krige in oarkonde. Yn de twadde ronde wûn ik, lykas op skoalle, de earste priis. Foardat ik it wist die ik ek mei oan de finale foarlêswedstriid fan hiel Fryslân, op 'e Gerdyk. Ik moast as earst opkomme en dat fûn ik hiel spannend. Gelokkich hat presintator Raynaud (ja, dy fan Tsjil Tsjekt) my moed ynpraat. Om't der wol mear as fyftjin bern meidiene moast ik lang wachtsje oant de útslach bekend makke waard. Uteinlik wûn ik de tredde priis en dêr bin ik hiel grutsk op!'

Frysk of Nederlânsk?

'Op skoalle ha wy mear Nederlânske as Fryske boeken. Ek net elkenien yn myn klasse kin Frysk prate. Ik kin wol Frysk lêze mar yn it Nederlânsk giet it wol in bytsje better.' Alle dagen lêze heart der foar Hannah gewoan by. 'Heit is ek gek op lêzen en mem hat my altyd jûns foarlêzen en soms docht se dat noch wol. Lêst wiene mem en ik tegearre oan it lêzen en siet der in hiel sneu stikje yn. Doe moasten wy beide gûle. We hawwe it boek tichtdien. Stom boek! seine we. Dochs binne we dêrnei wol wer fierder gien fansels.' Hannah en har mem kinne der no beide wol om laitsje.

Sjenre

Earst hold Hannah fan boeken fan Roald Dahl, dêrnei wie Gozert populêr en no lêst Hannah graach horrorboeken. Se sit op it stuit yn de boekesearje Horrorland. 'Elk haadstik is skreaun út in oar perspektyf wei, dat makket it moai.' Hannah brûkt in soad drege wurden foar har leeftyd. Sa sjochst mar wer datst fan lêzen hiel tûk wurde kinst. It moaiste boek fynt Hannah *Angstgolven*. 'Het laatste leven van Lori Mills' fyn ik ek hiel leuk.'

Oare hobby's

'Yn myn frije tiid mei ik graach tekenje, nifelje (knutselje), hake en bûtenboartsje. En ik bin fan fan De Hûnekop! Elk jier bin ik by it Lollyfretter-konsert yn Drachten. *Bou dy muorre*, *Rotweiler* en *Wy kam fram Fryslân* binne myn favorite nûmers.

Talint

Lêze kin Hannah al geweldich en se is ek al in hiel spannend ferhaal foar har eigen boek oan it útwurkjen. De titel is betocht mar bliuwt noch eefkes geheim. Hâld Hannah dus yn de gaten! Wa wit kinst oer in skoftke har boek keapje, of fergees liene by de biblioteek. In tip fan Hannah: 'bliu lêzen, dat is belangryk en it makket dy tûk!'

Aventoer yn it Kameleondoarp

Op in sinnige simmerdei ride Redmer en Lotte mei harren âlden nei Fryslân. Se sille op fakânsje nei it doarpke Terherne, dêr't in hiel bysûnder park is: it Kameleondoarp! Redmer hat al in pear boeken lêzen út de rige De Kameleon, oer Hielke en Sietse Klinkhamer, de stoere twilling mei in eigen motorboat. No kinne se yn it echt sjen wêr't de ferhalen har ôfspylje.



! Yn Terherne sil op 12 oktober foar de 25ste kear de Kinderboekendag hâlden wurde. Der is fan alles te belibjen yn it sintrum fan it doarp, it doarpshûs en by de Kameleonbuorkerij. De hiele middei binne der aktiviteiten, foarlêsmominten, foarstellings en kreamkes mei berneboeken. De tagong is fergees. Mear ynfo: www.kinderboekendag.nl

‘Miskien komme wy Hielke en Sietse wol tsjin!’ seit Lotte entûsjast.

‘Dy binne betocht’, lake Redmer. ‘Mar dochs... je witte mar noait.’

By oankomst krije se in speurtocht. Se moatte troch it doarp op syk nei oanwizings en ûnderweis komme se fan alles tsjin út de boeken: de smidterij fan Gerben Zonderland, de pleats fan de famylje Klinkhamer en fansels de ferneamde Kameleonboat.

Redmer wiist nei in kleurige motorboat dy’t oan de steger leit. ‘Sjoch! Dêr is er! De echte Kameleon!’

Lotte draaft derhinne. ‘Tinkst dat wy dêrmei farre meie?’

Ynienen heare se in stim achter har. ‘Fansels! Mar dan moatte jimme earst in opdracht útfiere.’

Efter har stiet in jonge yn blau oeral en mei in pet op. Nêst him stiet noch in jonge – se lykje wol in twilling. Se stelle har foar as... Hielke en Sietse!

Redmer skodhollet. ‘Mar jimme binne dochs net echt?’



‘Miskien wol, miskien net’, seit Sietse mei in knypeach. ‘Yn it Kameleondoarp kin alles.’

De jonges fertelle dat der in lyts probleem is. ‘De kaai fan de Kameleon is fuort’, seit Hielke. ‘Wy tinke dat Gerben Zonderland him per ûngelok yn it hea falle litten hat by de smid. Mar der is te folle hea, wy hawwe help nedich.’

Redmer en Lotte twivelje gjin sekonde. ‘Wy sille helpe!’

Tegearre rinne se nei de smidterij, in âlderwetsk gebou fol ark, hoefizers en fonken. Op ‘e heasouder begjinne se te sykjen, smite hea oan ‘e kant en laitsje as Lotte allegear hea yn it hier hat. Nei tsien minuten ropt Redmer: ‘Ik ha wat!’

Hy hâldt grutsk in rustige kaai omheech.

Se drave werom nei de steger, dêr’t Hielke de kaai oannimt. ‘Goed dien! Jimme hawwe de Kameleon rêden. Klear foar in fartocht?’

Efkes letter farre se oer it Fryske wetter. De motor bromt en de boat glidet soepel oer de mar. De



wyn waait troch harren hier en de sinne glinstert op it wetter. Hielke lit Redmer efkes it roer hâlde, wylst Sietse Lotte útleit hoe’t je hurder farre kinne.

‘Dit is echt it moaiste aventoer oait,’ seit Lotte breed glimkjend.

As se weromkomme by de steger, dêr’t heit en mem in bakje kofje drinke, swaaije de jonges harren út. ‘Jimme binne altyd wolkom yn it Kameleondoarp!’ roppe se.

As Redmer him omdraait om noch wat te freegjen, binne Hielke en Sietse samar fuort.

‘Tinksto dat se... echt wiene?’ freget Lotte sêft.

Redmer glimket. ‘Miskien binne guon ferhalen dochs in bytsje wier. Hjir, yn Terherne.’

Dy jûn yn ‘e tinte slacht Redmer syn Kameleonboek wer iepen. Op in foto fan Hielke en Sietse sjocht er wat frjemds: de jonge dy’t er holpen hat, liket sprekend op Sietse út it boek. En op de eftergrûn... sjocht er himsels yn de boat sitten! Hy wriuwt yn syn eagen mar de foto bliuwt itselde. ‘Lotte?’, flústeret er. ‘Ik tink dat wy écht yn in ferhaal bedarre binne.’



Wolsto ek in aventoer belibje yn it doarp Lenten? Kom dan mei dyn famylje, sportklup, jierdeifeestje of skoalreiske nei Terherne! Dêr fynst de Kameleonboerderij, kinst in koarte film sjen en in speurtocht dwaan, kinst te farren en meidwaan oan aktiviteiten op it Kameleoneilân. Mear ynfo: www.kameleonterherne.nl



Op aventoer

Stel dy foar datst yn in lyts hûs libbest mei jimme âlden en in soad bruorkes en suskes. Der is mar ien keamer. In wenkeamer dy't ek nochris tsjinst docht as sliepkeamer. Elkenien moat ticht tsjininoar oan lizze om't der eins te min romte is. Jimme âlden soargje derfoar dat jim genôch iten en drinken krije. It gefolch is fansels dat jim groeie. Fan poppe, nei skoalbern, nei jong folwoeksene... De sliepkeamer is al lang net grut genôch mear en it hûs is ek al te lyts... En jim poarsje iten? No... dat mocht sa stadich oan wol wat mear wêze... Wat dochst dan? Do giest grif op syk nei wat mear romte, in eigen plakje, rommer wenje, op aventoer.

Wat tinkst?

Giet it stikje hjirboppe oer minsken of dochs net?
In goed antwurd is: It giet oer minsken én bisten.

Wy kenne allegearre de nêstkastkes oan de muorre. As de aikes fan de fûgels útkaam binne, hawwe de âlden it mar wat drok om de jongen te fuorjen. It is in hiele opjefte om al dy hongrige snaffeltsjes te foljen. En dan moatte je as âlder jûns ek noch op it nêst bliuwe om de berntsjes waarm te hâlden... It kin nachts tige kâld wurde en de jonge fûgels hawwe earst noch gjin fearren om harsels waarm te hâlden. Pfoei... wat in wurk!

Fansels feroaret dat as de jongen âlder wurde. De fearren groeie like hurd as de jonge fûgels, oant it nêstkastke echt te lyts wurdt. Dan moatte se wol út it nêstkastke komme. Ien foar ien sjogge se troch it gatsje om de bûtenwrâld te ferkennen. Se fleane pas út as se der klear foar binne (of wannear't it nêstkastke écht te lyts wurdt...). Mar wat is dat? Fleane? 'Noch noait dien...' Dêr komme se rap genôch achter...

Der wachtet harren in hiel grut aventoer. Se kinne net oars... It is fleane of falle...

Faak sykje de jonge fûgels dan beskutting yn de strûken. Ek wat nijs! Strûken! En wêr is de supermerk dêr't al it iten en drinken weikomt?

De grutske âlden litte se sjen wêr't dat te heljen is. No meie se it sels ophelje! Spannend! Der falt in soad te learen! Dan wurdt it hjerst en winter... Der is hieltyd minder iten te finen. In nij aventoer is yn sicht. Winterkost byinoar skarrelje en ek net ûnbelangryk, in eigen plak om beskut te sliepen. Yn 'e rein en wyn sliepst net sa bêst. Hielendal net ast honger hast. It te lytse nêstkastke wie sa gek noch net...? Mei-inoar oplûke om feilich te wêzen, om iten te finen... dat is bêst wol in goed idee. Sjochst bygelyks protters yn de hjerst byelkoar kommen om dan fuort te lûken nei waarmere oarden. Soene se dat oerlein ha?

Lykas de ferhalen yn boeken is it echte libben ek ien grut aventoer. Sawol foar bisten as minsken.





Swiete kastanje

Nederlânsk:
Tamme kastanje
Latyn:
Castanea sativa
Ingelsk:
Sweet chestnut

De swiete kastanje sjocht der hiel oars út as de hynstekastanje, dy't bern faak sykje yn de hjerst.

De bûtenkant fan de swiete kastanje (de bolster) is hiel stikelich, as in baltsje mei allegear skerpe nullen. Yn sa'n bolster sitte meastal twa kastanjes byinoar. De swiete kastanje is net hielendal rûn. Hy hat in platte kant en in puntsje mei in lyts wyt plúske. Hy is ek lytser en platter as de hynstekastanje.

Tamme kastanjes binne sûn. Se befetsje net folle fet en wol in soad fitaminen, ûnder oare B, E en C. Der sitte ek wichtige stoffen yn lykas kalium, sink en foaliumsoer. Eartiids brûkten minsken swiete kastanjes as medisyn, bygelyks by pinebúk of diarree.

De Latynske namme fan de swiete kastanje is castanea sativa. Dat betsjut ytbere kastanje. Lang lyn, yn de tiid fan de Romeinen, ieten minsken dizze kastanjes al. Se makken der moal fan en bakten dat. Dat gerjocht hjit polenta. Yn Italië ite minsken dat noch hieltyd. Se drûgje de kastanjes ek wol sadat se der winterdeis ek noch wat mei meitsje kinne. Kinst swiete kastanjes op ferskate wizen klearmeitsje. Kinst se rau ite, roasterje, poffe, siede of sels ynfrieze.

Ast swiete kastanjes sikest, doch dan dikke moffen oan en nim in ammerke mei. Lit altyd wat oer foar de bisten: iikhoarntsjes, reeën, mûzen en wylde bargaen ite se ek. Tink derom: do plukst gjin kastanjes,

bûkenútsjes, hazzenuten of walnuten. Dy pakst fan 'e grûn. Dêrnei litst se noch in pear wiken drûgje.

Wolst witte oft dyn kastanjes goed binne om te iten? Lis se yn in kom mei wetter. Driuwe se? Dan binne se faak net goed. Sinke se nei de boaiem? Dan kinst se ite!

Sels kastanjes poffe? Dat is leuk! Sa dochst it:

1. Sykje swiete kastanjes en helje de stikelige bolster derôf (pas op, brûk wanten!).
2. Snij yn de bolle kant fan de kastanje in krúske mei in skerp meske (by it puntsje mei it plúske). Doch dit foarsichtich.
3. Lis de kastanjes in kertierke yn de friezer. Sa komt it feltsje aanst makliker los.
4. Ferwaarmje de oven foar op 200 graden.
5. Lis de kastanjes op in bakplaat en set se 20 minuten yn de oven.
6. Dêrnei kinst se maklik skile. Se smeitsje lekker swiet!



Aardich weetsje

Hasto wolris heard fan: 'Wa hellet de kastanjes út it fjoer?' Der is in âlde fabel (ferhaal) oer in aap dy't kastanjes ite woe. Se leine yn it fjoer, mar hy woe syn fingers net brûke. Dêrom brûkte hy de poat fan in sliepde hûn om de kastanjes derút te heljen! Wat dat betsjut? Dat ien in gefaarlik puntsje foar in oar docht.



Mummys

Marije, Wytske, Mo en Niels lizze plat op it liif. Se lizze yn it wiete gers fan de terp, weidûkt efter de lêste grêfsarken.

‘Sjochst him al?’ freget Mo. Hy hat it noch net sein of de tsjerkeklok slacht tolve oere.

By de earste slach stapt Goasse mei it bôle bakje ûnder de earm nei bûten ta. Hy toffelt mei syn wollen sokken yn ‘e sandalen rjochting de útgong fan it hôf. Goasse is de man fan de ‘rûnliedingen.’ Hy kin tige nijsgjirrige dingen fertelle oer de mummys fan Wiuwert en oer de Walta State. Dat fynt er sels yn elts gefal.

Marije, Wytske, Mo en Niels wiene de dei derfoar mei har klasse nei de tsjerke in Wiuwert west. Goasse hie wol in oere praat. Wylst sy gewoan de mummys sjen woene! Goasse hie eamele oer hoe’t dy mummys mooglik ûntstien wiene. Want dat wie sa’n grut mystearje!

‘Wat tinksto, soe it troch de loftgatten yn ‘e kelder komme?’, hie er oan Wytske frege. ‘Moast anst mar ris fiele. Der streamt altyd wol lucht yn de kelder.’ Wytske hie oan har skouders lûkt en gau in oare kant op sjoen.

‘Pffffff’ Niels blies yn har nekke. ‘Waah!’ hie Wytske razen.

‘Fielst de luchtstream al?’ hie Niels frege.

Wytske hie him in stomp jûn.

Marije en Mo gnysken.

Goasse hie harren ferheard oansjoen.

‘Oaren tinke dat it komt troch luchtfochtichheid of de fruchtbere grûn fan de terp’, hie Goasse gewichtich sein.

‘Mar!’ Goasse stuts syn finger yn ‘e loft en flústere: ‘Ik tink dat it komt troch de magyske ierdstrielen.’

Marije draaide mei de eagen.

Mo hie de bûslampe fan syn telefoan oan dien en hie dy ûnder syn gesicht hâlden.

‘Ik bin in mummy mei magyske ierdstrielen’, hie er mei in grizelige stim sein.

‘No is it genôch!’ Master hie de telefoan fan Mo yn beslach naam. ‘Jimme meie as lêste nei binnen.’

Se moasten wol in kertier wachtsje foardat se de mummys sjen mochten. Wat seagen dy mummys der spannend út! Dêr leine deade minsken dy’t al hûnderten jierren âld wiene.

‘Ast de mummys hjir wei hellest, bliuwt der neat fan oer.’ Hie Goasse ferteld. Der leine earst mear mummys. De kelder soarget derfoar dat de mummys bliuwe sa’t sy binne.

Se wiene mei har fjouweren as lêste de tsjerke út gien.

‘Witst wat my cool liket?’, hie Niels entûsjast frege.

‘In nije mummy meitsje!

Wytske hie in fûs gesicht

lutsen. ‘Bah do bist gek!’

‘Nee serieuus, dat is dochs

cool’, hie Niels roppen.

‘Wat tochten jimme fan mummy Whappie?’

Se hiene him allegearre ferheard oansjoen.

‘Whappie?’ hie Wytske frege.

‘Mar dy ha we fan ‘e moarn dochs krekt begroeven?’

‘Dan grave we him dochs wer op?’ hie Niels sein.

‘Dan kinne we altyd nei Whappie ta, yn ‘e tsjerke.’

De oaren wiene stil west.

‘Ik wit it net sa goed’, hie

Marije stammere.

‘Whappie leit tink ek goed ûnder de skoalbeam.’

‘Whappie kin ferneamd wurde!’, hie Niels roppen.

‘En wy ek!’

‘Oer hûndert jier fertelt Goasse III hjir oer Whappie de skoalfisk en de aventoeren fan Wytske, Marije, Mo en Niels.’ Niels hie harren grutsk oansjoen.

‘Mo wat fynsto?’

Mo hie oan syn skouder lutsen.

‘Ok, tink ik’, hie er flústere.

Wytske en Marije hiene elkoar ûnwis oansjoen.



Boeketip

Niels springt as earste op.
'Jou my Whappie mar', seit er.
Marije jout him it doaske oer.
'Mo hasto it tou?'

Mo knike.

Mei har fjouweren rinne se foarsichtich de tsjerke wer yn.

'Ik gean wol op de útkyk stean', seit Marije fluch.

'Ik ek', seit Wytske.

Mo sjocht harren jaloersk oan.

Niels lûkt him mei nei binnen ta.

Se rinne gau nei de kelder ta.

'Dêr yn dat hoekje', seit Niels.

Hy krijt Whappie út it doaske en bynt it stik tou oan de sturt.

'Do makkest it tou dêr fêst en ik hjirre', flûsteret Niels.

Mo knikt en makket sa hurd as er kin it ein tou fêst.

Dêr bongelet Whappie, oan syn sturt.

'Sa klear!' Niels sjocht grutsk.

'Whappie wurdt fêst in prachtige mummy!'

Fragen nei it lêzen

1. Hokker opsjes neamt Goasse as ferklearring foar dat de mummys ûntstien binne en al sa lang geef/goed bliuwe? Kies út ûndersteande antwurden (meardere antwurden binnen goed)

- ☐ De kelder is luchtticht
☐ Troch magyske ierdstrielen
☐ De sinne kin net yn de buert komme
☐ De fruchtbere ierde fan 'e terp
☐ De loftstreamen dy't troch de kelder geane
☐ De fochtigheid fan de lucht
☐ In spesjale balsem

2. 'Hy kin tige nijsgjirrige dingen fertelle oer de mummys fan Wiuwert en oer de Walta State. Dat fynt er sels yn elts gefal.'

Kies twa fan de haadpersoanen út dit ferhaal (Wytske, Marije, Mo of Niels). Wat tinksto dat hy/sy fan de ferhalen oer de mummys fynt, en wêrom? Brûk foar dyn antwurd in foarbyld út de tekst.

.....

.....

.....

.....

.....

.....

3. 'Ik gean wol op de útkyk stean', seit Marije fluch. 'Ik ek', seit Wytske.

Mo sjocht harren jaloersk oan.

Wêrom is Mo jaloersk op Marije en Wytske? Wa (Wytske, Marije, Mo of Niels) soesto yn dit plan mei Whappie graach wêze wolle, en wêrom? Ik tink dat Mo jaloersk is op Marije en Wytske, omdat

.....

.....

.....

Yn dit plan mei Whappie soe ik graach

wêze wolle, want

.....

.....

.....

4. 'Oer hûndert jier fertelt Goasse III hjir oer Whappie de skoalfisk en de aventoeren fan Wytske Marije, Mo en Niels.' Niels hie harren grutsk oansjoen.

Wêr soesto graach fan wolle dat der oer 100 jier noch oer praat wurdt? Watfoar mystearje soe der betocht wurde kinne by dit ding/bist/foarwerp/dizze persoan/ensfh.? Betink hjir in koart ferhaaltsje by. Kies derfoar om dit oan elkoar te fertellen of om it út te skriuwen en eventueel foar te lêzen.

IT TSJILLE NIJS FAN TSJIL

It nije skoaljier is begûn, en dat betsjut ek dat Tsjil Tsjekt wer losgiet! Fan spannende aventoeren oant YouTube-hypes, wy dûke der djip yn. Yn dizze earste edysje nimme wy dy mei op reis, sawol yn Fryslân as fier dêr bûten. Bist der klear foar? Lês dan gau fierder, want dit wurdt in prachtich skoaljier!

Tsjil Tsjekt

Yn de earste Tsjil Tsjekt fan dit skoaljier sille wy op aventoer. Alleast... kinne wy eins noch wol op aventoer yn Fryslân, no't alles folhinget mei buordsjes mei 'tagong ferbean'? En hoe sit it eins mei alle leechsteande gebouwen? Meist dêr ynbrekke, sa't guon youtubers dogge? Yn dizze Tsjil Tsjekt krijst dêr antwurd op. Fansels giet it ek oer wat aventoer no krekt is en wêrom't wy dat opsykje. Wat is de kick dy't minsken dêrfan krije?



Tsjil International

Wat hawwe in mysterieuze Japanske faas, de oprjochting fan New York en spoaren yn Súd-Afrika mei-inoar te krijen? Friezen! Yn Tsjil International sjochst de Fryske skiednis sa'tst dy noch nea sjoen hast. Jeroen stiet yn de grutte Amerikaanske stêd New York en fertelt watfoar rol Pieter Stuyvesant dêr spile hat en hokker Fryske spoaren hy efterlitten hat.

Spul

Wa is de grutte winner fan Spul wurden? Wie it Willem mei syn flugge reaksjefermogen, of wie it Laura mei har tûke trúkjes? Krekt foar de simmerfakânsje waard dúdlik wa't dizze earste edysje mei de winst oan de haal gean soe. Nei de ien-nei-lêste ôflevering stie it 2-1 foar Willem, mar yn de finale koe it noch alle kanten op. Sjoch foar de útslach op ús YouTube-kanaal!



Pompys skoare

Mei Tsjil Tsjekt kinne dielnimmende skoallen in priis winne. De skoalle dy't de measte pompys skoart, wurdt útroppen ta de Tsjilste klasse fan it jier. Ofrûne jier gie de winnende skoalle mei in echte partybus op skoalreis. Op lokaasje dienen se mei oan de opnames fan Spul. Mar... in nij skoaljier, nije kânsen! Doch mei oan Tsjil Tsjekt, skoar safolle mooglik pompys en striid mei foar de titel Tsjilste klasse fan it jier. Wy hawwe no al sin yn it folgjende reiske!

Tsjilste klasse 2024-2025

Der kin fansels mar ien de winner wêze en dit jier wie dat de Doarpsskoalle út Nij Beets. Sy behellen de measte pompys en wienen dêrmei de Tsjilste klasse fan it jier. Begjin july waarden sy mei de partybus ophelle om mei de hiele klasse nei de klimwand te gean. Nei it klimaventoer helle de partybus de bern wer op en brocht se neit it folgjende útstapke: in boerecamping dêr't elkenien sels pizza's bakke mocht. In (hearlike) slagge dei.



Net wolven, mar bearen

Yn Slowakije binne se fan doel om dit jier sa'n 350 fan de rom tûzen brune bearen ôf te sjitten. Oanlieding is dat der minsken ombrocht binne troch bearen. Ek yn Roemenië hearst fan dy opropen om mear bearen ôf te sjitten. Dêr libje wol 8000 bearen. Elk jier wurde dêr ferskillende minsken deamakke troch brune bearen. De diskusjes yn dizze lannen oer it ôfsjitten fan bearen liket wol wat op de diskusje yn ús lân oer de wolf.




Grienlânske haai

Noch sa'n bysûnder bist: de Grienlânske haai. In folwoeksen eksimplaar kin sawat 7,5 meter wurde. Mar witst dat se âlder as 500 jier wurde kinne? Fan twa eksimplaren witte wy hoe âld se binne: ien wie sa'n 392 jier en de oare wie sels 512 jier! Dat makket dizze haai ta it langstlibjende bist mei rêchbonke op ierde. Tenminste foar safier't wy no witte.



Kolossale inketfisk op byld

Seebiologen dreame derfan, mar de measte minsken rint de grize oer de grouwe as se der oan tinke: de kolossale inketfisk. It is mooglik it grutste bist sûnder rêchbonke. Folwoeksen eksimplaren binne ynklusyf tentakels 10-15 meter en wurde sa'n 500-700 kilo swier. De grutte eksimplaren libje hiel djip yn see: ûnder twatûzen meter. It wie oant no ta net mooglik ien dêr te filmjen. Okkerdeis ha se dochs in eksimplaar filme op 600 meter djipte. No ja, in lytske fan 30 sintimeter lang.



'Voerzoekers': op aventoer yn besettingstiid

Yn Tresoar yn Ljouwert ha se in nijsgjirrich boekje dat giet oer it fytsaventoer fan Willy van Eijmeren en har broer Andries (16 jier) út Rotterdam yn de lêste oarlochswinter. Op 1 jannewaris 1945 om 7.15 oere stapten se op 'e fyts. Se hiene hunger en hopen in better plakje mei genôch iten te finen. Dat fûnen se úteinlik by Warkum. It reiske duorre mear as fiif moannen. Nei de befrijing reizgen sus en broer werom nei Rotterdam. Andries hat letter in boekje makke fan harren reis mei de titel: 'Voerzoekers'.



De grutte jachten fan Makkum

Op de werf fan De Vries Scheepsbouw yn Makkum wurde gigantyske en knetterdjoere jachten foar miljardêrs boud en ûnderhâlden. Oait wie it de werf fan Amels. Donald Trump (ja, dy't no presidint fan Amearika is) hat Amels opkocht en in oantal moannen letter trochferkocht. Dêrnei wie de werf fan Damen Shipyards, mar no hjit it De Vries Scheepsbouw. De skippen fan dit Makkumer bedriuw farre echt oeral op 'e wrâld.



Skip yn de tún

Silst mar wekker wurde en sjendat der in skip fan 138 meter yn dyn tún leit. Bytsje ferstân, silst tinke. No it kin echt. Freegje Johan Helberg mar. Hy hat in hûs yn de omkriten fan Trondheim (Noarwegen). Hy hat it meimakke yn maaie. In grou skip kaam troch in stjoerflater yn syn tún oan it Trondheimsfjord. Helberg helle sa it wrâldnijs!



Massagrêf mei 10.000 dino's

Dit is wat foar dinoleafhawwers: yn in boskgebiet yn de Kanadeeske steat Alberta is in plak dêr't fossilen fan wol 10.000 dinosaurussen te finen binne. De bisten binne nei rûzing 72 miljoen jier lyn yn ien kear deagongen. Undersikers tinke dat dat barde troch in modderstream dy't it gefolch wie fan ekstreme reinfal. De foarnaamste fynst wie in grutte kudde fan pachyrhinosaurussen. It massagrêf jout wittenskippers in geweldige kâns om fan alles oer dizze prehistoaryske bisten te ûntdekkjen.



Ald Nederlânsk marineskip fûn by Australië

Yn 1857 is it Nederlânske marineskip mei de namme 'Koning Willem de Tweede' fergien yn in swiere stoarm foar de Australyske kust. No (168 jier letter) is it skip nei alle gedachten weromfûn op de seeboaiem. Der wurdt al in oantal jier ûndersyk dien. No is it wachtsjen op wat se allegearre fûn ha yn en om it skipwrek.



Op aventoer yn it WEC

Dit foarjier waard yn Lauwerseach it WEC iepene. Dat stiet foar Werelderfgoedcentrum Waddenzee. Yn it prachtige gebou kinst alderhande waadaventoeren belibje. It is ek it nije thús fan Zeehondencentrum Pieterburen. Wat der te dwaan is? Dit!



! Wistest dat de seehûn it grutste rôfbist fan Nederlân is?



Seehûne-sikehûs

It is miskien wol de bekendste biste-opfang fan Nederlân: Zeehondencentrum Pieterburen. Nei mear as 50 jier is de opfang ferhuze nei in nij plak. Hjir passe se op seehûnen, sawol yn it wyld as yn de nije moderne opfang. It seehûnesikehûs beskikt oer meardere intensive cares, in operaasjeromte en ferskillende baden. Boppedat leart se it ûndersyk dat se dogge nei seehûnen.

Waadsee Experience

It WEC is ek in plak foar belibbing. Yn de ynteraktive tentoanstelling Waadsee Experience ûntdekt alles oer it libben yn en om de Waadsee. Dêrneist binne der ek outdoor aktiviteiten. Sa kinst mei te silen of te farren of op Waadûntdekkingsocht. Ek kinst mei om seehûnen frij te litten en workshops folgje. Miskien in idee foar in skoalreise?



! Wistest dat de swierte krêft fan de moanne soarget foar it op en del gean fan it wetter? Dêrtroch ûntstiet eb en flood op de Waadsee!

! Wistest dat in oester wol tweintich jier wurde kin?



Wittenskiplik ûndersyk

As lêste dogge se it by it WEC in soad ûndersyk. Sa trefst yn it WEC ekologen, biologen, bistedokters en studinten dy't mei-inoar it libben op en om it Waad ûndersykje. Yn it ekolab kinst harren wurk fan tichteby meimeitsje. Sa dogge se no ûndersyk nei de Japanske oester. Dat is in opfallende eksoat yn de Waadsee. Mei syn robúste, geribbele skulp en flugge fersprieding hat er ympakt op it ekosysteem. It ûndersyk moat antwurd jaan op de fraach: Hoe beynfloedet de soart de Waadsee, en wat betsjut dat foar de biodiversiteit?


Wa fan jim kin in krúske sette yn alle rûntsjes?

Doch yn de Berneboekewike mei oan de lêsbingo fan Tsjil!

Ik lês...



ûnder de tafel




in strip



in artikel út in krante




de earste side fan in nij boek



mei de fuotten op tafel




op 'e bank




in side út dizze Tsjil



op it húske




bûtendoar



in gedicht

Labadistendyk

Wy wenje allegear yn in strjitte, oan in leane, in singel of in plein. Alle strjitten fan Fryslân hawwe nammen. Ea hawwe minsken dy namme betocht. Se ferneamden faak histoaryske figueren, keninklike persoanen en fersetshelden. Mar safolle jierren letter witte wy net wa't dy persoan no krekt wie. Dêrom lizze wy dat yn 'Sydstrijtsje' út. Wy pakke eltse kear in strjitte en fertelle wat oer de namme.



Jean
de Labadie

Labadistendyk yn Wiuwert

De trochgeande dyk yn Wiuwert hjit Labadistendyk. Oan dy dyk stiet de tsjerke mei de grêfkelder mei mummys. Dy mummys wiene, doe't sy noch libbene minsken wiene, oanhingers fan Jean de Labadie. Dat wie in Frânske, djip kristlike man dy't libbe yn de 17^e iuw. Op reis troch Europa krige hy in soad oanhingers. Ien dêrfan wie de bekende Anna Maria van Schurman. Labadisten waarden om har leauwen ferfolge en moasten flechtsje. Uteinlik krigen hja yn 1675 asyl yn Wiuwert. Labadisten bestudearren de Bibel en swarden alle besit ôf. Yn Wiuwert ferven hja alle muorren swart en wijden har oan bidde en Bibelstúdzje. Sommige Labadisten dy't stoaren waarden byset yn de grêfkelder. Opfallend wie dat se net fergiene, mar as mummys bewarre bleaune. Hoe't dat koe is noait dúdlik wurden. De grêfkelder waard yn de 18^e iuw fûn. Ek no noch lizze der in oantal mummys, sa ast miskien wol lêzen hast yn it boek *De rôf fan de Fryske mummys*. Dêrom hjit de dyk troch Wiuwert gjin Buorren, mar Labadistendyk.

Anna Maria van Schurmansingel yn Frjentsjer

Anna Maria van Schurman wie de earste frou yn Nederlân dy't oan in universiteit studearre. Earst yn Utert, letter yn Frjentsjer. Hja moast efter in gerdyntsje sitte, omdat de manlike studinten har net sjen mochten. Se wie tige ferneamd yn Europa. Anna Maria wie hiel yntelligint en koe al lêze en skriuwe doe't sy fjouwer jier wie. Se studearre Latyn, Hebriuwsk, Arameesk, Syrysk en noch mear talen. Dat die se om't se bibelteksten lêze woe yn de oarspronklike taal. Se wie ek hiel keunstsinnich. Hja skilderde, tekene en kaligrafearre (=hiel moai skriuwe).

Troch har grutte ynteresse foar de Bibel slute se har oan by Jean de Labadie en wenne yn de Labadisten-kommune yn Wiuwert. Ek sy die ôfstân fan alle besit. Yn 1678 is se ferstoarn en begroeven op it tsjerkhôf fan Wiuwert. Se is net as mummy bewarre bleaun.



Anna Maria
van Schurman

Trochstreekpuzel

Op skoalle learsto dat as twa wurden tegearre ien nij wurd foarmje, dat dat in 'samenstelling' hjit. Yn it Frysk neame wy dat in gearstalling. De wurden hjerstfakânsje, rêchsek en skoalplein binne gearstallingen, want se binne makke fan twa oare wurden. Dizze puzel stiet fol gearstallingen. De letters dy't oerbliuwe foarmje ek wer in gearstalling. Skriuw dit wurd yn in e-mail en stjoer dy foar de hjerstfakânsje nei tsjil@cedin.nl. Skriuw dúdlik dyn namme, groep en skoalle yn it e-mailtsje.

K	L	A	S	S	E	F	O	T	O	K	S	T	T	H
R	E	M	A	E	K	S	Ú	H	F	A	P	R	H	J
M	E	A	N	M	A	S	I	N	E	S	I	E	C	E
P	Y	N	B	U	S	R	E	I	S	T	K	I	A	R
U	P	A	N	B	T	T	R	L	S	A	E	N	R	S
Z	O	C	I	E	P	E	E	Ê	K	N	R	S	D	T
E	S	H	E	T	M	E	I	S	E	J	B	T	P	F
L	E	T	L	O	O	K	S	B	S	E	R	A	O	A
B	T	F	P	N	R	O	B	R	H	B	O	S	L	K
O	N	R	L	F	T	P	U	I	C	E	E	J	A	Â
E	E	O	A	L	E	K	R	L	Ê	A	K	O	A	N
K	I	A	O	I	L	E	O	T	R	M	A	N	T	S
J	R	S	K	E	Ô	S	S	Y	L	B	O	A	T	J
E	G	T	S	R	B	S	Û	K	E	R	P	O	T	E

BETONFLIER

BÔLETROMP

BUSREIS

GRIENTESOP

HJERSTFAKÂNSJE

HÚSKEAMER

KASTANJEBEAM

KLASSEFOTO

LÊSBRIL

MEANMASINE

NACHTFROAST

PUZELBOEKJE

RÊCHSEK

REISBURO

SKOALPLEIN

SPIKERBROEK

SÛKERPOT

SYLBOAT

TAALOPDRACHT

TEEKOPKES

TREINSTASJON

Antwurd:

Mopke en riedsel


Marieke is ferhuze fan Rotterdam nei Sondel. Om moarn op tiid op skoalle te kommen giet se nei har buorman, in boer. 'Mei ik moarns oer jo lân rinne om de bus fan healwei achten te heljen?' 'Jawis', seit de boer. 'Mar ast myn bolle sjochst hellest de bus fan sân oere miskien ek noch wol!'



Ut hokker glêzen kinst net drinke?



Antwurd: Brillleglêzen



Sudoku

8	9		5		2	7		
4					9	1		5
	5		6	1			8	
	8	5		2	1	9		
7	2		3	6			1	8
						3	7	
1				9				3
	7		4		6		9	
	3	6	1		8	2	4	

De priiswinner fan de lêste puzel foar de simmerfakânsje is:

Gerrit Marinus út groep 7 fan CBS de Oanrin fan Twizel.

De oplossing fan de trochstreekpuzel wie **Wjukslach**.

BAUKE NYNKE EN BRAM

OAN 'E RÂNE FAN IT ASYLSIKERSSINTRUM PAKT BRAM DE BAL OP DY'T OER IT HEK GIEN IS

